

De Stichting Fryske Akademy docht wittenskiplike ûndersyk nei de Fryske taal, de meartalige maatskippij en de regionale skiednis fan Fryslân. Mei multydisiplinêr ûndersyk leveret de Fryske Akademy fernijende bydragen oan it ynternasjonale wittenskiplike debat, draacht by oan it akademyske klimaat yn Ljouwert en Fryslân, en genereart ynspirearjende fûnemintele en tapasbere kennis foar en oer de maatskippij. Op dy wize wurket de Fryske Akademy oan wittenskip op nivo, mei each foar maatskiplike ympakt en basearre op in sterk engagement mei Fryslân en de Friezen. De Fryske Akademy is stevich yn de regio ferankere en is oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW) liearre.

Wy binne mei yngong fan maart 2026 op syk nei:

Skriuwer Genealogysk Wurkferbân

ûnbetelle

Wolsto dy ynsette foar de genealogy yn Fryslân, dit tema ûnder de minsken bringe en dy ferbine mei de Fryske Akademy? As fersterking fan ús wurkmienskip sykje wy in skriuwer foar it Genealogysk Wurkferbân. Wolsto dy ûntjaan yn in omjouwing dêr't dyn ynteresse foar genealogy en wittenskip gearkomme? Bisto graach administratyf dwaande en wolst meihelpe oan it organisearjen fan eveneminten? Bisto op 'e takomst

- It byhâlden fan korrespondinsje
- It bywenjen fan sa folle mooglik fan de ferskate aktiviteiten fan it Wurkferbân

Wat biede wy?

- In belutsen en kundich bestjoer
- In netwurk fan sa'n 150 besiele genealogen en bining mei in wittenskiplike omjouwing
- Mooglikheden om troch boargerwittenskip wat te betsjutten foar de mienskip

Oer de Fryske Akademy

De Fryske Akademy is yn 1938 út de Fryske mienskip (bottom-up) wei oprjochte mei as doel: *“It yn stân hâlden fan in wurkmienskip, dy't him taleit op it beoefenjen fan de wittenskip dy't mei Fryslân, it Fryske folk en syn kultuer yn al syn uterings, en soks yn romste sin, ferbûn is.”* De wurkferbannen en wurkgroepen binne in wichtich en histoarysk ûnderdiel fan de Fryske Akademy. Sy soargje foar ynbêding en fersprieding fan ús ûndersyk yn de mienskip en jouwe de kâns om de regio aktyf by it ûndersyk te belûken. Dat past by de misje fan de Fryske Akademy. Under de neamer fan citizen science (boargerwittenskip) wol de Fryske Akademy de bannen mei de wurkferbannen noch mear oanhelje en neitinke oer in fernijde en duorsume organisaasje fan de wurkmienskip.

Oer it Genealogysk Wurkferbân

It Genealogysk Wurkferbân (sûnt 1946) gra